

HANTLIEDING



by staveringsline
WURKBOEK 4

Ynhâldsopjefte Staveringsline

Algemeine hantlieding en ferantwurdig 4

Hantlieding Frysk

• Les 1	eo	6
• Les 2	iuw	9
• Les 3	eau	11
• Les 4	w	13
• Les 5	stomme letters	15
• Les 6	gjin c, mar k en s	17

Algemene handleiding en verantwoording 20

Handleiding Nederlands

• Les 1	eo	22
• Les 2	iuw	25
• Les 3	eau	27
• Les 4	w	29
• Les 5	stomme letters	31
• Les 6	gjin c, mar k en s	33

Kolofon

Kreatyf Skriuwen en Staveringsline

Auteurs

Tjitske van Dijk
Gelske Bosch
Jan Douwes
Skelte Anema
Doutsen Jellema

Foarmjouwing

Studio Tink

Korreksje

Ytsje Steen

Mei tank oan

De pilotgroep en it learkrêftepanel

Yllustraasjes

iStock

© 2025 Afûk, Postbus 53, 8900 AB Ljouwert

www.afuk.frl

Audio en oar materiaal op: www.staveringsline.frl



Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, yn in automatisearre bestân opslein of yn hokker foarm of op hokker wize dan ek iepenbier makke wurde, itsij elektroanysk, meganysk of op hokker oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer. Tekst- en datamining fan (parten fan) dizze útjefte is útdruklik net tastien.

All rights are reserved, including those for text and data mining, AI training and similar technologies.

Alle rechten voorbehouden. Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd bestand, of openbaar gemaakt in enige vorm of op enige wijze, hetzij elektronisch, mechanisch of enige andere manier, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de uitgever. Tekst- en datamining van (delen van) deze uitgave is uitdrukkelijk niet toegestaan.

Algemiene hantlieding en ferantwurdig

Fyzje

It oanlearen fan staveringsregels is net in doel op himsels. Goed staverje kinne is ien fan de feardichheden dy't helpe kinne by it skriuwen fan (goede) teksten. De staveringsregels kenne, stiet net gelyk oan in goede tekst skriuwe kinne. It úteinlike doel is om kwalitatyf goede Fryske teksten skriuwe te kinnen. Dêrom is der keazen foar in boekje mei oan de iene kant Skriuwlessen (it doel) en oan de oare kant de Staveringslessen (de teory, de feardichheid).

Opbou

De skriuwlessen binne opboud neffens in stappeplan. Dat stappeplan jout hâldfêst om ta it úteinlike produkt te kommen. Stap ien bestiet út it sammeljen en opskriuwen fan de gedachten. Yn stap twa wurdt in kar makke út alles wat opskreaun is by de earste stap en yn de tredde stap wurdt it úteinlike produkt makke. De staveringslessen binne ek neffens in fêst stramyn opboud. De les begjint mei in doel en it oanbieden fan de regels dy't fan tapassing binne. Dêrnei jout de learkrêft in yntroduksje. Yn de yntroduksje wurdt oan de hân fan foarbyldwurden en sinnen tawurke nei it skriuwen fan in kapstokwurd: in wurd dat de regel represintearret. It kapstokwurd helpt de learling de regel better te ûnthâlden en ta passen.

De yntroduksje is opboud neffens it fiif-stappenplan:

1. Ik harkje nei it wurd en sis it wurd nei.
2. Ik diel it wurd op yn klanken of wurdlidden.
3. Hear ik wat bysûnders? Hokker ôfspraak heart dêr by?
4. Ik skriuw it wurd.
5. Ik kontrolearje it wurd. Ha ik it goed skreaun?

Nei de yntroduksje folget in startdiktee mei wurden dy't by de regels hearre. De neikommende opdracht (opdracht 1) is in Fryske tekst, bygelyks in ferske, gedicht of kranteberjocht. Opdracht 2 is in sykplaat. By opdracht 3 sykje learlingen sels wurden op yn boeken of tydskriften. As der gjin fysike teksten beskikber binne, kin de online ferzje fan Tsjil Magazine brûkt wurde. Dy is fergees beskikber fia: cedinonderwijs.nl/tsjil. De lêste opdracht is in ferdjipjende opdracht dy't de learlingen útdaget om nochris mei de regel(s) fan dy les oan it wurk te gean.

Ynset

De skriuwlessen en staveringslessen hawwe mienskiplik dat yn 'e titel fan de skriuwlessen deselde letters foarkomme as yn de staveringslessen behannele wurde. Hoe't de lessen ynset wurde is oan de learkrêft sels. It is mooglik om earst in staveringsles te meitsjen en dan de bypassende skriuwles, mar it kin fansels ek oarsom. It is ek mooglik om nei oanlieding fan skreaune produkten te sjen yn hokker kategory de learlingen noch in soad flaters meitsje en op basis dêrfan de staveringslessen oan te bieden.

Terminology

Yn it boekje komt sa no en dan terminology foar dy't faaks wat útlis nedich hat.

- **wurdliid** – NL: lettergreep
- **tiidwurden** – NL: werkwoorden
- **brekking** – in klankferskowing yn in wurd
- **stimleas** – stimbannen trilje net by de útspraak
- **stimhawwend** – stimbannen trilje wol by de útspraak
- **lûd** – NL: klinker
- **klank** – klank
- **twalûd** – twa lûden dy'tst yn ien azem útsprekst
- **bylûd** – NL: medeklinker
- **kapke** – it dakje op de â, ê, ô of û.

Yn de yntroduksje wurdt ûnderskied makke tusken klanken en skreaune letters of wurden. As it oer klanken giet, dan binne se oanjûn mei read en steane se tusken twa streekjes. Bygelyks: "do hearst dan /f/." As it om skreaune letters of wurden giet, steane se tusken skrapkes. Bygelyks: "dat skriuwst sa: 'skoalle'."

Regels, fonetyk en ekstra

Bij alle staveringslessen steane kaders. Yn sa'n kader steane as earste in fonetyske werjefte, in beskriuwing fan de lûden, in foarbyld fan it lûd yn it Frysk en in foarbyld fan it lûd yn it Nederlânsk of in oare taal. As twadde steane der noch ekstra regels en ynformaasje foar de learkrêft. Dizze ynformaasje kin ynset wurde om bepaalde saken te ferdúdlikjen en as ferdjipping foar de learlingen dy't dêr om freegje.

Audio

By it diktee en guon opdrachten is audio beskikber. Dat wurdt oanjûn mei in ikoantsje.

De audiofragmenten binne online te finen, op staveringsline.frl.

Of brûk dizze QR-koade:



Les 1 • eo

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk eo skriuwe moatte

Regel:

Wurden mei **eo** moatt út 'e holle leare.
(kapstokwurd: freon)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Yn it foarige boekje ha de learlingen leard oer de ij, oa, oe, uo, ie, ea en oai. Kapstokwurden dêrby wiene 'bij', 'doar', 'doarren', 'foet', 'muorre', 'kastiel', 'stiennen', 'keal', 'beammen' en 'koai'. Kies in oantal kapstokwurden út en freegje de learlingen nei de regels dy't dêrby hearre.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
ö.ə	de eu folge troch de e (fan de)	freon gleon	deur

It Frysk hat trije letterkombinaasjes dy't it lûd /ö.ə/ fertsjintwurdigje:

- As 'eu' yn it wurd 'kleur'
- As 'eau' yn (meastentiids) doetiid en mulwurdsfoarmen fan iuw-tiidwurden, bygelyks 'treaun', 'dreaun', 'skreaun'
- As 'eo' yn 'freon'.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de regel fan dizze les troch.

De 'eo' is in twalûd en klinkt as /ö.ə/. Sprek de Fryske 'eo' rêstich út en lit de learlingen goed lústerje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Ik sjoch myn freon op sneon."

Freegje de learlingen oft se yn de sin wurden hearre dy't in /ö.ə/-lûd hawwe. De 'eo' is in twalûd. Skriuw op it boerd it wurd 'sneon' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'freon' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'freon' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Der binne yn it Frysk net safolle wurden mei 'eo'. Der binne wol wurden mei deselde klank, dy't op in oare manier skreaun wurde. Dêrom moatte de wurden mei 'eo' út 'e holle leard wurde.

It wurd 'sneon' wurdt yn de Fryske Wâlden net brûkt. Dêr wurdt it wurd 'saterdei' brûkt foar dy dei yn 'e wike. Dochs is it ek foar learlingen út 'e Wâlden goed om te witten dat it wurd 'sneon' ien fan de wurden mei 'eo' is.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet (yn dit gefal kin allinne it plaatsje 'freon' omsirkele wurde).

1. Myn broer is myn bêste **freon**.
(skriuw op: freon)
2. Op **sneon** ha wy altyd in wedstriid.
(skriuw op: sneon)
3. It doarpke **Leons** leit flak by Ljouwert.
(skriuw op: Leons)
4. Foarsichtich ite, it sop is noch **gleon!**
(skriuw op: gleon)
5. Yn 'e fakânsje gean ik by myn **freondinne** útfanhûs.
(skriuw op: freondinne)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lês de tekst fan it ferhaaltsje foar of lit it audiofragmint by dizze opdracht hearre. It audiofragmint is te finen op de webside. Lit de learlingen lûsterje en lette op de klank /**ö.ə**/ as yn freon. Lit it ferhaaltsje in twadde kear hearre. Lit de learlingen meilêze en alle wurden mei de 'eo' fan freon grien kleurje. Net yn alle wurden mei de letterkombinaasje 'eo' klinkt dy sa as yn 'freon'. Lit de learlingen alle wurden mei in 'eo' dy't net klinkt as yn 'freon' blau kleurje.

► Antwurden

eo fan freon	oare wurden mei eo
freonen	fideo
gleonhjit	Napoleons
gleone	neonrôze
sneontemiddei	Kameleon
freondinnen	Meteoryt
freonen	akkordeon
miljeufreonlik	fideo
freonegroep	akkordeon
freonen	
bistefreon	
freonen	
gleone	
sneon	

Lit se de wurden foarlêze dy't se fûn hawwe. De learlingen skriuwe de wurden mei 'eo' yn de goede rige.

Witte de learlingen wat de wurden betsjutte of kinne se dat betinke? Brûk eventueel www.frysker.nl om wurden op te sykjen.

In groep **freonen** sit byelkoar.
Se sitte yn it skaad, want yn 'e sinne is it **gleonhjit**.
Se moatte in **fideo** meitsje foar skoalle.
Mar der is op dizze **gleone sneontemiddei** neat te belibjen.
Se suchtsje.
'Ha jim ek sin yn in suertsje?' freget ien fan de **freondinnen**.
Se hellet in pûdsje **Napoleons** út har **neonrôze** rêchsek.
Ien fan de **freonen** wol it papierke op 'e grûn smite.
'Hee! Dat is net **miljeufreonlik**! Doch it papierke mar yn dyn bûse.'
Dan hearre se muzyk.
Wêr komt it wei?
Yn it wetter leit in boatsje.
It liket wol wat op de **Kameleon**.

Mar dit boatsje hjit De **Meteoryt**.
Op de boat sit in man mei in **akkordeon**.
Hy spilet fleurige ferskes.
By syn fuotten lizze twa hûnen en in kat.
As de man de **freonegroep** sjocht, hâldt er op fan spyljen.
'Spylje jo foar de bisten?' freegje de **freonen**.
'Ja, de bisten binne gek op muzyk en ik bin gek op bisten. Mar ik spylje foar elk dy't it hearre wol.'
'Wy moatte in **fideo** meitsje foar skoalle. Meie wy jo filmje as jo spylje?'
De **bistefreon** fynt it goed.
De **freonen** aaie de bisten en dûnsje op de muzyk fan de **akkordeon**.
Sa is der dochs wat te belibjen op dy saaie **gleone sneon**.

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje fiif wurden mei 'eo' as yn freon. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden


1. freon
2. sneon
3. gleon
4. freondinne
5. Greonterp

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten, al sil dat net meifalle, omdat der net safolle wurden mei de 'eo' (as yn 'freon') binne. De wurden skriuwe se op yn harren wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

By de opdracht steane 9 wurden mei de 'eo'. Dy wurden passe op ien manier yn de fakjes. Tip om te begjinnen: tel de letters fan de wurden en begjin mei it wurd dat in unyk oantal letters hat (freonlik). Dat wurd past mar op ien plak yn it raster. Puzelje dêrútwei de oare wurden yn it raster.



Les 2 • iuw

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk iuw skriuwe moatte.

Regel:

Wurden mei iuw moattst út 'e holle leare.
(kapstokwurd: skriuwe)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Regels, fonetyk en ekstra			
fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
i:ɥ	de y, dan de ú (fan thú <u>s</u>) folge troch û	mi <u>iuw</u> iuw liuw	interview
jo.ɥ	de j, dan o (fan bok) folge troch û	bedriuw skriuwe priuwe	yoga

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de regel fan dizze les troch.

De 'iuw' is soms in twalûd en soms in trijelûd en kin yn it Frysk dus op twa manieren klinke. Yn guon wurden sprekst de 'iuw' altyd út as /i:ɥ/ sa as yn 'miuw'. Yn oare wurden kin de 'iuw' útsprutsen wurde as /i:ɥ/ of as /jo.ɥ/. Lit de 'iuw'-klank yn it wurd 'triuwe' op twa manieren hearre. Lit de learlingen de wurden ek útsprekke. Hoe sprekke sy de 'iuw' út?

Lês dan de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Wy moatte in brief skriuwe nei in bedriuw."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre mei de 'iuw'. Dy klank klinkt as de 'iuw' yn 'miuw' (/i:ɥ/) of liket op de 'eau' fan sleau

(/jo.ɥ/) fan de folgjende les. Ast it wurd skriuwst, komt nei de 'iu' in 'w'. Dy 'w' hearst net: it is in stomme letter. Skriuw op it boerd it wurd 'bedriuw' as foarbyld en sprek it op twa manieren út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'skriuwe' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'skriuwe' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Fertel noch in kear: guon wurden wurde altyd útsprutsen as /i:ɥ/ ('y' mei dêrnei de 'û' en de 'û'), lykas 'liuw', en guon wurden mei 'iuw' kinne útsprutsen wurde mei /jo.ɥ/ (de 'j', de 'o' mei dêrnei 'û'), lykas 'skriuwe'. Dat kin betsjutte dat guon wurden út 'e holle leard wurde moatte.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet (yn dit gefal kin allinne it plaatsje 'skriuwe' omsirkele wurde).

1. Fiskjen ademje troch harren **kiuwen**.
(skriuw op: kiuwen)
2. Mei ik alfêst in koekje **priuwe**?
(skriuw op: priuwe)
3. Sake **triuwt** de karre by de bult op.
(skriuw op: triuwt)
4. Yn de foarige **iuw** is de auto útfûn.
(skriuw op: iuw)
5. By dat **bedriuw** meitsje se túnhúskes.
(skriuw op: bedriuw)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lês de tekst foar of lit it audiofragmint by dizze opdracht hearre. It audiofragmint is te finen op de webside. Lit de learlingen lústerje en lette op de klank /i:u/ en /jo.u/. Lit de learlingen meilêze en alle wurden mei 'iuw' kleurje. De learlingen skriuwe de wurden mei 'iuw' ûnder de tekst nochris op.

► Antwurden

1. driuwen
2. wiuwe
3. driuwt
4. miuwen
5. oerbliuwsels
6. driuwe
7. oerbliuwt
8. bliuwe

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje fiif wurden mei 'iuw'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. driuwe
2. miuw
3. skriuwe
4. kiuw
5. wiuwe

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn harren wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen lêze foar harrensels of yn twa-tallen it plaatsje-gedicht 'Winter' fan Auck Peanstra. Lit se ek goed lústerje: past it wurd dat se keazen hawwe yn it ritme fan it gedicht?

De oarspronklike tekst:

It is winter, it hat ferzen,
de **sleat** leit fol mei iis.
Ik byn de **redens** ûnder,
win anst de earste **priis**.
Op 'e wâl ropt in **eintsje**,
hy trillet yn 'e **snie**:
'Ik woe graach dat it reinde,
de **sleat** wer wetter wie.'

Miskien kieze de learlingen wol oare wurden dy't ek yn 'e sin passe, dat is ek goed.

Dan lêze se it gedicht 'Wolken' fan Hans en Monique Hagen út 'e bondel 'Do bist de leafste'. Lit se neitinke oer wurden dy't se tekenje kinne. Neist it gedicht is romte om it plaatsje-gedicht te meitsjen, mar it mei fansels ek op in los fel papier. De gedichten kinne dan ophongen wurde yn 'e klasse. Lit de learlingen harren plaatsje-gedicht meielkoar diele en der meielkoar oer prate. Ha se deselde wurden keazen om te tekenjen? Lit se elkoars plaatsje-gedichten lêze.

Les 3 • eau

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk eau skriuwe moatte.

Regel:

Wurden mei **eau** moatt út 'e holle leare.
(kapstokwurd: **preaun**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de regel fan dizze les troch.

Yn ferskillende wurden kin de 'eau' ferskillend klinke. De 'eau' fan 'sleau' /sljo.ɥ/ klinkt oars as de 'eau' fan 'ik ha skreaun' /skrö.ən/. Yn 'skreaun' klinkt de 'eau' itselde as de 'eo' fan 'freon'.

Dêrom moatte wurden mei 'eau' út 'e holle leard wurde.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De kok leaude dat it iten lekker wie, neidat er it preaun hie."

Freegje de learlingen oft se yn de sin wurden hearre dy't in 'eau'-lûd hawwe. De 'eau' hat yn de beide wurden dy't de learlingen fine kinne in oare klank. Skriuw op it boerd it wurd 'leaude' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
ö.ə	de eu folge troch in e (fan de)	freon preaun	deur
jo.ɥ	de j, dan o (fan bok) folge troch û	sleau skriuwe	yoga

- Der binne yn it Frysk net safolle wurden mei 'eau'. Yn it Frysk wurdt 'eau' op ferskillende manieren útsprutsen. As /jo.ɥ/ en as /ö.ə/. It meast komt de 'eau' mei /ö.ə/-klank foar yn de doetiid en yn de mulwurden fan tiidwurden.

Foarbylden:

- triuwe - treau - ha treaun
- driuwe - dreau - ha dreau
- bliuwe - bleau - bin bleaun
- skriuwe - skreau - ha skreaun
- wriuwe - wreau - ha wreaun
- Tiidwurden mei '-iuwe' krije dus yn in soad gefallen 'eau' yn doetiid en mulwurd, mar net altyd (bgl.: wiuwe - wiuwde - ha wiuwd).
- De 'eau' mei /jo.ɥ/-klank komt ek foar yn in oantal wurden dy't tsjintwurdich net in soad mear brûkt wurde. Foarbylden: 'reauke' (kop-en-pantsje), 'greau' (oerbliuwsel fan útbret spek), 'kleauwe' (houtsjes spjalte foar bgl. de kachel), 'reau' (NL: gerei), 'kleau' (NL: kloof), 'kreauwe' (rúze meitsje).
- Wurden mei 'eau', dy't as /jo.ɥ/ útsprutsen wurde en dy't faker foarkomme, binne: 'sleau', 'leauwe', 'skreauwe', 'skreau' (NL: 'schreeuw').

Sprek no it wurd 'preaun' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'preaun' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet (yn dit gefal kin allinne it plaatsje 'preaun' omsirkele wurde).

1. Gerbrich wol it ferhaal net *leauwe*.
(skriuw op: leauwe)
2. Dat liket my sterk *oerdreaun*.
(skriuw op: oerdreaun)
3. Beppe seach in mûs en joech in *skreau*.
(skriuw op: skreau)
4. Der *dreau* in dikke tûke yn 'e sleat.
(skriuw op: dreau)
5. Master hat de dikke matte ûnder it klimrek *treaun*.
(skriuw op: treaun)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lês de tekst fan it gedicht foar of lit it audiofragmint by dizze opdracht hearre. It audiofragmint is te finen op de webside. Praat koart oer it gedicht. Wêr giet it oer? Lit de learlingen lette op de klank /*ö.ə*/ as yn 'preaun'. Lit it gedicht in twadde kear hearre. De learlingen lêze mei en besykje de wurden op te skriuwen by it goede nûmer. Lit se de wurden foarlêze dy't se opskreaun hawwe. De wurden mei 'eau' yn it gedicht binne allegear it mulwurd fan in tiidwurd. Lit se achter de ynfolle mulwurden it hiele tiidwurd ynfolje.

► Antwurden

- | | | |
|------------|---|---------|
| 1. bleaun | - | bliuwe |
| 2. skreaun | - | skriuwe |
| 3. treaun | - | triuwe |
| 4. dreau | - | driuwe |

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje fiif wurden mei 'eau' as yn 'preaun'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. treaun
2. preaun
3. dreau
4. skreau
5. sleau

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten, al sil dat net meifalle, omdat der net safolle wurden mei 'eau' (as yn 'preaun') binne. De wurden skriuwe se op yn harren wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op *frysker.nl*.

Opdracht 4:

In soad wurden mei 'eau' binne in foarm fan in tiidwurd (werkwoord). Dat kin de doetiid wêze of it mulwurd. Yn dizze opdracht sykje de learlingen de passende foarm fan it tiidwurd. It giet yn de opdracht hieltyd om it mulwurd.

► Antwurden

1. Ik triuw de karre mei boadskippen.
Ik ha de karre mei boadskippen treaun.
2. De hûn bliuwt by de beam sitten.
De hûn is by de beam sitten bleaun.
(Tink om de goede folchoarder fan de tiidwurden!)
3. Anna skriuwt in briefke foar Jesse.
Anna hat in briefke foar Jesse skreaun.
4. De flesse driuwt yn 'e see.
De flesse hat yn 'e see dreau.

Les 4 • w

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk de oergongs-w skriuwe moatte.

Regels:

- Allinnich wurden mei iuw einigje op in w yn it Frysk.
(kapstokwurd: **frou**)
- As in lûd (**a-e-i-o-u**) folge wurdt troch in toanleaze klank, dan skriuwst dêrtusken in w.
(kapstokwurd: **bouwe**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean.
Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de regels fan dizze les troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De frou har jurk is blau."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /**ɔ.u**/-lûd (fan 'hout') hawwe. Skriuw op it boerd it wurd 'blau' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'frou' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'frou' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Yn it Frysk skriuwst de 'w' oan 'e ein fan in wurd allinne by wurden mei 'iuw'. Yn it Nederlânsk is

Regels, fonetyk en ekstra			
fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
ʋə*	in û-klank folge troch in stomme e	bou w e dow w en	bouw e n

* omdat de oergongs-w altyd folge wurdt troch in toanleas lûd, skriuwe we dy hjir mei it toanleaze lûd: /ʋə/.

De oergongs -w wurdt ek skreaun as it lûd folge wurdt troch in oar lûd sûnder klam (in toanleas lûd).
Foarbyld: blau – blauwe, grou – grouwe,
ko – kowefleis, trou – trouwe, sleau – sleauwe,
ik sko – jim skowe, rou – rouwich

dat oars. Skriuw eventueel as foarbyld de wurden 'frou' en 'vrouw' op it boerd. Sprek de wurden rêstich út en lit de learlingen goed lústerje. Sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk hearst de 'w' net yn de útspraak. Yn it Frysk skriuwst dy 'w' ek net.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
'De fjouwer freonen bouwe in hutte.'

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /**ɔ.u**/-lûd (fan 'hout') hawwe. Skriuw op it boerd it wurd 'fjouwer' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'bouwe' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'bouwe' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit

de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

As in lûd folge wurdt troch in toanleaze klank,

dan skriuwst dêrtusken in 'w'. Wiis de learlingen op it lêste lûd foar de 'w' en op de toanleaze 'e' dy't dêrop folget. Der kinne mear foarbylden jûn wurde ('mouwe', 'klauwe', 'stowe').

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Der sitte twa **dowen** op it dak.
(skriuw op: downen)
2. Myn favorite kleur is **blau**.
(skriuw op: blau)
3. Us buorman sil moarn **trouwe**.
(skriuw op: trouwe)
4. Kom **gau**, ik ha in ferrassing!
(skriuw op: gau)
5. Ik **fertrou** it foar gjin meter.
(skriuw op: fertrou)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lês it gedicht fan Arjan en Iwan Hut of lit it audiofragmint by dizze opdracht hearre. It audiofragmint is te finen op de webside. Lit de learlingen de earste kear allinne lûsterje. Wêr giet it gedicht oer? Lit it gedicht noch in kear hearre en lit de learlingen ek meilêze. Learlingen kinne it gedicht sels ek foarlêze. Lit se dêrnei de beide opdrachten meitsje. Sjoch de opdrachten mei-inoar nei en lit de learlingen eventuele flaters ferbetterje.

► Antwurden

- | | |
|-----------------|-------------------------|
| Ien gebou | – twa gebouwen |
| Twa touwen | – ien tou |
| De loft is blau | – de blauwe loft |
| De trouwe hûn | – de hûn is trou |
| De kat seit | – miau |

Bouwe

bam en tik
en boem en knik
pok en tok en
knak en klik
oei en loei en oeps
en **wau**
dêr stie op tafel
in **gebou**
in grut **gebou**
dat hie ik makke
krekt foardat it
ynmekoar sakke

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje wurden mei in oergongs-w, sa as yn 'bouwe', en wurden sûnder ein-w, sa as yn 'frou'. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint yn op de webside.

► Antwurden

1. frou
2. trouwe
3. blau
4. downen
5. fjouwer

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn harren wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

► Antwurden

frou - gebouwen - skriuw - flau - fjouwer -
miau - wau - trouwe - downen - blau

Les 5 • stomme letters

Yn dizze les leare de learlingen wannear't se yn it Frysk stomme letters skriuwe moatte.

Regels:

- Do skriuwst de l wol foar de d en t, mar do hearst de l net.
(kapstokwurd: sâlt)
- Do skriuwst de r wol foar de d, n, s en t, mar do hearst de r net.
(kapstokwurd: boerd)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
/sɔ:t/ (sâlt)	neat; sprekst it net út	sâlt	-
/gɛ:s/ (gers)	neat; sprekst it net út	gers	-

Der binne neist de neamde regels noch in pear gefallen wêryn't in stomme letter foarkomme kin yn it Frysk. In pear foarbylden dy't in soad foarkomme:

- De 'f' nei de 'ô'.
Foarbyld: 'ôfmeitsje', de 'f' sprekt net út.
- Yn guon gefallen de 'h' foar de 'j'.
Foarbyld: 'hjoed', de 'h' sprekt net út.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

Fertel de learlingen dat dizze les oer 'stomme letters' giet. Jou oan dat 'stomme letters' letters binne dy'tst wol skriuwst, mar net útsprekst.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"It wurd sâlt rimet op kâld."

Skriuw de sin op it boerd, mar skriuw it kapstokwurd 'sâlt' noch net op. Sprek de sin no dúdlik út. Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden sjogge dy't in stomme letter hawwe. Nim de wurden 'wurd' en 'kâld' as foarbyld. De 'r' yn 'wurd' en de 'l' yn kâld wurde net útsprutsen, mar skriuwst se wol.

Sprek no it wurd 'sâlt' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'sâlt' opskriuwe yn it

wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De bern meie hjoed op it boerd tekenje."

Skriuw de sin op it boerd, mar skriuw it kapstokwurd 'boerd' noch net op. Sprek de sin no dúdlik út. Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden sjogge dy't in stomme letter hawwe. Nim it wurd 'bern' as foarbyld. De 'r' yn 'bern' wurdt net útsprutsen, mar skriuwst him wol. Jou oan dat yn 'hjoed' ek in stomme letter sit, nammentlik de 'h'.

Sprek no it wurd 'boerd' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'boerd' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit

de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Fertel de learlingen dat mear letters yn it Frysk stom wêze kinne, mar dat dy no noch net behannele wurde.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Us heit hat in **burd**.
(skriuw op: burd)
2. **Wâld** is in oar wurd foar bosk.
(skriuw op: wâld)
3. De hûn swaaide fleurich mei syn **sturt**.
(skriuw op: sturt)
4. Doutzen stie te wachtsjen foar de **poarte**.
(skriuw op: poarte)
5. It **gers** wie hielendal wiet.
(skriuw op: gers)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lês de tekst fan it ferhaal foar of lit it audiofragmint by dizze opdracht hearre. It audiofragmint is te finen op de webside. Lit de learlingen lústerje en dêrby lette op de stomme letters. Lit it ferhaal in twadde kear hearre. Lit de learlingen meilêze en de missende wurden ynfolje.

► Antwurden

1. hjoed
2. oars
3. wrâld
4. dêr't*
5. hâld
6. herten

* yn it ferske wurdt 'wêr't' songen, dat moat eins 'dêr't' wêze.

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje fiif wurden mei stomme letters deryn. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. kâld
2. jierdei
3. hjerst
4. swart
5. learzens

Opdracht 3:

In oare opdracht as oars. Oan de linkerkant steane allegear wurden mei in stomme letter. Oan de rjochterkant steane letters. De learlingen lûke in lyntsje fan it wurd nei de stomme letter dy't yn dat wurd stiet. Op de webside fynst in audioferzje fan de opdracht.

► Antwurden

dy'tsto	→ t
hjoeddeistich	→ h
sturt	→ r
wrâld	→ l
rydsto	→ d
foarjier	→ j
komôf	→ f

Opdracht 4:

De learlingen lêze de tekst of harkje nei it audiofragmint op de webside. Jou oan dat der bûten de regels dy't se oanbean krigen hawwe noch mear stomme letters binne. De learlingen kleurje de stomme letters yn de tekst.

► Antwurden

Hjoed ha ik myn jierdei, sei de fiskferkeaper út de Wâlden.
Hy pakte in board mei sâlte hjerring út it kuolkastke.
Wolle jim ek sa'n lekker kâld fiskje mei sipeltsjes?
Pak him mar by de sturt.
Jim moatte it no witte, oars ferdwine se by it ôffal.
Mei in fiis gesicht ha ik der ien ôfhelle en opiten.
Hjir krijst wol bot toarst fan.
Se moasten it ferbiede, dy sâlte hjerring.

Les 6 • gjin c, mar k of s

Yn dizze les leare de learlingen hoe't se wurden skriuwe dy't yn it Nederlânsk in c hawwe.

Regel:

Yn it Frysk skriuwst gjin c: lústerje nei de klank en skriuw k of s.

(kapstokwurden: kaktus en sitroen)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
k	de k		
	lykas yn kâld	kaktus	kaas
s	de s		
	lykas yn sân	sirkus	stoel

De wurden dy't yn it Nederlânsk mei in 'c' skreaun wurde, skriuwst yn it Frysk mei in 's' of in 'k'. Der sit gjin ferskil yn útspraak tusken dy Nederlânske wurden mei in 'c' en de Fryske oersettingen.

- 'Kaktus' en 'cactus' wurde beide útsprutsen as /kaktəs/
- 'Sirkus' en 'circus' wurde beide útsprutsen as /sirkəs/

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de regel fan dizze les troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Dy kola prikt as in kaktus."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't yn it Nederlânsk mei in 'c' skreaun wurde. Yn it Frysk skriuwst de 'c' allinne yn de letterkombinaasje 'ch' as yn 'baarch' en by lienwurden. Oars skriuwst yn it Frysk watst hearst. Skriuw op it boerd it wurd 'kola' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'kaktus' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'kaktus' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Ik skriuw geheime sifers mei it sop fan in sitroen."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't yn it Nederlânsk mei in 'c' skreaun wurde. Yn it Frysk skriuwst de 'c' allinne yn de letterkombinaasje 'ch' as yn 'baarch' en by lienwurden. Oars skriuwst yn it Frysk watst hearst. Skriuw op it boerd it wurd 'sifer' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze en wiis de 's' oan.

Sprek no it wurd 'sitraen' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'sitraen' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

As ekstra kin ferwiisd wurde nei de 'x' en de 'q'. Dy wurde yn it Frysk ek net skreaun. Witte de learlingen hoe't dat dan moat? Foar de 'x' wurdt 'ks' skreaun en foar de 'q' (qu) wurdt 'kw' skreaun. Dizze les giet oer de 'k' en 's' yn plak fan de 'c' yn it Nederlânsk.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. In soad **sukses** by dit diktee!
(skriuw op: sukses)
2. De dief moast yn 'e **sel** sitte.
(skriuw op: sel)
3. Ik ha in kaartsje foar it **sirkus**.
(skriuw op: sirkus)
4. De **akrobaat** hinget oan 'e trapeze.
(skriuw op: akrobaat)
5. Ik sil mei myn nicht nei in **konsert**.
(skriuw op: konsert)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lês it gedicht of lit it audiofragmint by dizze opdracht hearre. It audiofragmint is te finen op de webside. Lit de learlingen de earste kear lústerje en meilêze. Werkenne se de wurden dy'tst yn it Nederlânsk mei in c skriuwst? Begripe se it grapke oan 'e ein? (Kwa rym soe dêr 'wk' stean moatte, mar wc is yn it Frysk gewoan wc).

Learlingen kinne it gedicht sels ek foarlêze. Lit se dêrnei de opdrachten meitsje. Sjoch de opdrachten mei-inoar nei en lit de learlingen eventuele flaters ferbetterje.

► Antwurden

cafe	–	kafee
concert	–	konsert
cabaret	–	kabaret
canon	–	kanon
cactus	–	kaktus
citroensap	–	sitroensop
cacao	–	kakao
cola	–	kola

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje fiif wurden dy't yn it Nederlânsk mei in 'c' skreaun wurde. Foar ekstra stipe kinne se sjen nei de anagrammen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. kavia
2. semint
3. kado
4. sûkelade
5. kondukteur

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn harren wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen betinke it goede wurd by de beskriuwing. Let op: guon wurden hawwe yn it Nederlânsk in 'x' of 'qu'. Yn it Frysk skriuwst dan watst hearst: 'ks' of 'kw'.

► Antwurden

- | | |
|-------------------|----------------|
| 1. kavia | 10. sukses |
| 2. sûkeladeletter | 11. skuorre |
| 3. kola | 12. eksamen |
| 4. sifer | 13. ekstra |
| 5. sitroen | 14. sirkus |
| 6. kafee | 15. kondukteur |
| 7. konsert | 16. akwarium |
| 8. taksy | 17. skatkiste |
| 9. kaktus | |

De oplossing:

ik kin Frysk skriuwe

HANDLEIDING



bij staveringsline
WURKBOEK 4

Algemene handleiding en verantwoording

Visie

Het aanleren van spellingsregels is niet een doel op zich. Goed kunnen spellen is één van de vaardigheden die kunnen helpen bij het schrijven van (goede) teksten. De spellingsregels kennen, staat niet gelijk aan het kunnen schrijven van een goede tekst. Het uiteindelijke doel is om kwalitatief goede Friese teksten te kunnen schrijven. Daarom is er gekozen voor een boekje met aan de ene kant Skriuwlessen (het doel) en aan de andere kant Staveringslessen (de theorie, de vaardigheid).

Opbouw

De schrijfflessen zijn opgebouwd volgens een stappenplan. Dit stappenplan geeft houvast om tot het uiteindelijke product te komen. Stap één bestaat uit het verzamelen en opschrijven van de gedachten. In stap twee wordt een keuze gemaakt uit alles wat opgeschreven is bij de eerste stap en in de derde stap wordt het uiteindelijke product gemaakt. De spellingslessen zijn ook volgens een vast stramien opgebouwd. De les begint met een doel en het aanbieden van de regels die van toepassing zijn. Daarna geeft de leerkracht een introductie. In de introductie wordt aan de hand van voorbeeldwoorden en zinnen toegewerkt naar het schrijven van een kapstokwoord: een woord dat de regel representeert. Het kapstokwoord helpt de leerling de regel beter te onthouden en toe te passen.

De introductie is opgebouwd volgens het vijf-stappenplan:

1. Ik luister naar het woord en zeg het woord na.
2. Ik deel het woord op in klanken of lettergrepen.
3. Hoor ik iets bijzonders? Welke afspraak hoort daarbij?
4. Ik schrijf het woord.
5. Ik controleer het woord. Heb ik het goed geschreven?

